

Guon skiednissen wolle fergetten wurde. Oaren net, lykas dy fan de twilling Wander en Tsjard van Kleffens. Neffens de folksmûle twa wûndere hossels dy't, al wer jierren lyn, sa nuver oan har ein kommen binne, dat it mear ta de ferbylding sprekt as waans ûnthâld dan ek wiermeitsje kin. De measte fertellers spuiden, eardat se oer de twilling begûnen, earst in kear as wat op 'e grûn en breiden faak wat twivelriedich skodholjend in ein oan it ferhaal.

Yn 'e Dokkumer Wâlden en benoarden it Dokkumer Djip stiet it tipelsinnige stel nei safolle jier noch altyd bekend as de Baartsje jonges, of – mar dan spottend bedoeld –, de Sioniten. Dat lêste wiist op 'e Sionsberch of Sionsterp, dêr't se al har libbensdagen tahâlden hawwe. It is de wize wêrop't se troch it libben bûkele binne dy't dizze typstra's ûnferjitlik makke hat. Lykwols, net troch grutte dieden, iver, boppeminslike fermogens, sterke stikken, útfinings, wûndere keunsten of it feit dat se gedrochtlik mar siamees oan inoar fergroeid wêze soene. Nee, dat ûnferjitlike hawwe se earder te tankjen oan in paradoksaal en anakronistys bestean, wêrby't it gefoel hearske boppe de died, de died boppe it ferstân en it ferstân boppe de werklikheid. Dêr komt by, dat se op in stuit ferline en takomst net mear wisten te skieden. Mar it hat fral de tragise, ta elks ferbylding sprekken mar net te kearen ûndergong west dy't harren ûnstjerlik makke hat.

It is lykas de kringeslachter fan 'e Skermesweide te Dokkum it destiids ûnder wurden brocht 'It needlot hie wat tsjin harren.'

Harren libbens begûnen yn 1876 mei lang neitrijende dissonanten. Dy earste libbensjierren liken se net allinne fan uterlik op inoar, ek yn it krijen fan euvel en krupsjes wiene se inoars gelikens en krigen, sûnder dat dokter Hazelhoff him in blikgat rûn, tagelyk earst de mûzels, doe pokken, reahûn en de bof. Mei't de medise foarsjennings doe noch net sa bjuster wiene rôpen de âlden geduerichwei, dat de hûn dy't harren biten hie har ek wer genêze moast. Mei safolle fertrouwen yn de natuer dripte en smarde de twivelriedige mem by 't wanhopige omt ôf mei homeopaat fan in wûnderdokter fan 'e Falom, oant se yn har dokterjen begûn te leuwen as de duvel yn 'e kategismus.

As pop woe net ien fan beiden tiere. Se hiene tagelyk dauwjirm, sprou, krigen beide ingelse sykte, dêr't Wander tsjalskonkich fan waard en Tsjard in pikeboarst oan oerhâlde. Beide litten oan in ljiskbreuk mei't it kanaal by de yndaling fan de siedbal net slute woe, en de yn it sâlt bebitten Hiltsje Vriezema de útstjalpings werom treau yn it weak fan 't liif en mei in string katoen de breuken ôfbûn. Hiltsje hat letter noch faak sein 'As de iene gûlde, gûlde de oare ek.' Hoe dan ek, mei alles en alles learden se al betiid it moaie hantsje te jaan.

Wat âlder se waarden wat mear se fan inoar begûnen te ferskillen. Al fier foardat se nei skoalle rekken waarden Wander syn gehoargongen behannele mei fette lapkes bomoalje tsjin pine yn 't ear en dôvens. Syn mem hat wolris sein, as se him mei in prikje repen fyn gaas yn 'e earen treau, dat syn holle fan binnen hieltyd mear op in rottige griene koal begûn te lykjen, dy't mei it útlûken fan de meters gaas fol brúngiele matearje aloan holler like te wurden en omraak rûkte. Utwindich waard it feintsje teistere fan wite swolms en steden op 'e holle, kwalen dy't – lykas it kwea – fan binnen út wei kamen en alle jûnen mei polke útwosken en mei boarwetter dipt wurde moasten. 'Sa' – en dat moatte de wurden fan Teatske Sinia wêze – 'oerlibbe Wander syn bernejierren as in blom op 'e sigen.'

Dochs woeks Wander by dat kwinend bestean út ta in grouwe knoffel fan in jonge dêr't de natuer him mei fersind like te hawwen, lykas ek guon miswoeksen ierappels fan bouboeren yn 'e Dongeradielen oerkomt. Nei't der sein wurdt hie er doe't er sân waard in lichem fan trettjin en in eachopslach fan in fûgelferskrikker. Mei geizich wyt yn 'e wangen, in wyld bosk stikelhier dat flammich opljochte, sniewite eachteisters en sêftseane albino-eagen like er in kwiner. Oer it bleke lichem waard er trochskinend rûch as in mûs op 't ûnderliif, mar begûn frjemd genôch fan boppen al jong troch it hier te groeien. Doe't er te Dokkum nei de Latynse skoalle rekke begûn him de plasse al kealich te wurden. Geandewei krige syn krún hieltyd mear fan in opwuolle balstien, bleatreind út 'e ierde.

Wat Wander tefolle hie, hie Tsjard temin. Tsjard bleau in skroedsje en in bleeksuchtige tsjirmer, dy't noch it meast op syn eigen skaad like; rutsen of skronfele, steil of bûgd, al nei't syn emoasje him op ierde tekene. Allergys foar biten fan alles wat fleane koe, besmarde syn mem him yn it fleanseizoen alle moarnen previntyf mei homeopatisse salven, sadat er altyd in neare, ûnbûchsume lucht by him hie, dy't derta bydroech dat elk him mijde en er iensum troch it libben gyng. En noch kaam er soms thús mei bulten as dowe-aaien op earms en fuotten en holle, mar dan fan bûden dy't er oprûn hie, mei't guon bern him geduerich op 'e bealich joegen. Tsjard wie elks pispeal.

Fan hier wie er like rodzich as de kat winterdeis. By't simmer waard er grif pleage fan heakoarts. Hy hie gauris lêst fan swolme toskfleis en geregeldwei stigen op 'e ljochtskouwe eagen, sadat syn mem him pleagjend neirôp 'Hast wer in âld wiif pisjen sjoen?' Hy waard mei kinedrippen – kine wie skite of kwine – op fuotten hâlden. As Tsjard lake – mar dat oerkaam him net sa faak – dan as in ekster en leafst wat skealik efter de hân.

Yn dwaan en litten hie de twilling neat fan inoar. Wander wie nettsjinsteande de heftige skommelingen fan syn libbenspendule redsum, skrande, ûndernimmend en hie wat ûndogens, om net te sizzen wat ûnbetroubers oer him. Tsjard wie stil en sletten fan aard. Hy wie in sunichrinner en ferarbeide de dingen yn himsels. Tsjard wie in húshin. Hy boarte oerdeis leafst yn de besletten romte fan it leech bedsteed yn de tuskenkeamer, dat net allinne syn lichem mar ek syn geast omsleat mei feilich skimerljocht. Yn dat bedsteed krige er planken fol godgelearde boeken ûnder eagen, dy't de troch godtsjinstwaansin sneuvele omke Goffe harren neilitten hie en mem út piëteit bewarje woe. Mei't er âlder waard lies er in soad en leafst Jules Verne as in metafysise ûntsluting fan it universum. Dan dreamde er fan dwalende stjerren dy't him jûns boppe it dakfinster oeren út 'e sliep hâlde koene.